Laudatio foar Hans de Haan, lofprizing fan syn wurk foar it ûnderwiis yn it Frysk en de Trijetalige Skoalle

Utsprutsen troch Tom Dykstra, foarsitter FFU, by it útrikken fan in eare-oarkonde fan de FFU oan Hans de Haan op 8 novimber te Drachten

As yn 1997 it projekt fan de trijetalige skoalle úteinset, dogge sân basisskoallen mei. Gjin skoalle út Ljouwert of ien fan de oare gruttere plakken, mar sân lytsere plattelânsskoallen – sân it hillige getal fan de folsleinens. Soe it Frysk no meiliftsje kinne no't de wrâldtaal, it Ingelsk, ek as fak en fiertaal foet oan 'e grûn kriget? Soe de hege status fan it Ingelsk by skoalbestjoeren, learkrêften en âlden foar in omslach yn tinken oer ûnderwiis yn it Frysk soargje kinne? En as nei 8 jier wurkjen de resultaten fan dy skoallen ris ferkeard foar it Hollânsk útpakke? Lykwols skoallieder Hans de Haan fan basisskoalle De Tsjelke yn Holwert gie net út fan 'eerst zien en dan geloven', mar hy leaut der daliks al yn.

Men moat lef hawwe om in protte benaude, ûnderhearrige Fryske âlden en ek Hollânsktalige âlden dy't it net sa op ûnderwiis yn it Frysk foar harren bern stean hawwe, oer de streek te krijen. Is it Frysk dan net skealik foar de takomst fan de bern, sa't altyd frege wurdt. Lykwols foar de skoalle sels wie it ek net maklik. It frege om in oare wize fan wurkjen: Wat dogge wy yn it Frysk? Wat dogge wy yn it Hollânsk? Hoe jouwe jo yn de boppebou Ingelsk as fak en as fiertaal? Pionierswurk dus, krekt as yn de begjinjierren fan de twatalige skoalle. Stúdzjereizen nei Baskelân, stúdzjedagen yn it wykein op 'e Folkshegeskoalle op Skylge, tiimoerlis mei de oare skoallen yn it projekt. De Haan wie der by en fitere oan.

Soks freget in grutte ynset en in soad entûsjasme. Hans hat de jefte om dat ek op it tiim oer te bringen. Altyd posityf bliuwe. Problemen binne der ommers om oplost te wurden. Neist in iepen hâlding nei oaren en behelpsum is hy ek de man dy't as wachter fungearret. Wat hiene wy ek al wer ôfpraat? Is ús ynformaasje foar de âlden goed? Hawwe wy de bêste materialen foar alle trije taalfakken? Want foar alle trije de talen moatte der goede resultaten neistribbe wurde.

En altyd wer oare minsken oer de flier. Stazjêr(e)rs út oare Europeeske lannen, native speakers as lesjouwers Ingelsk, learkrêften fan oare trijetalige en gewoane basisskoallen, studinten, wittenskippers en ûndersikers. Suver om sljocht fan te wurden. Hans spant him derfoar.

Hans sit yn de kearngroep fan it Netwurk 3TS. Hans is mei syn kollega's altyd ree om wer wat op priemmen te setten foar it trijetalich ûnderwiis. Altiten beskikber, ek yn syn frije tiid, as klankboerd en help by nije ûntwikkelings.

Do wurkest, Hans, sadwaande mei oan de emansipaasje fan de Friezen en it Frysk en rommest ferkearde maatskiplike (taal)beheinings mei op. It giet dy om mear as it klearmeitsjen fan de bern foar de besteande maatskiplike (taal)machtsferhâldings mei harren trends. Hans, do stekst dyn nekke út foar it Frysk en it Fryske bern, al jierrenlang, en dêr hawwe wy as FFU grutte bewûndering en in protte respekt foar. Dy lof moat ek ris útsprutsen wurde. Wy tochten dat soks hjoed mar wêze moast. De seksje Frysk fan Libbene Talen hat ús dêr in poadium foar jûn. Dêr binne wy tankber foar.

Hans, do fertsjinnest in eare-oarkonde om blyk te jaan fan ús wurdearring. Tige lokwinske en tank foar dyn krewearjen. Wy hoopje datsto dêr noch lang mei trochgiest.

FFU
FERIENING FRYSK UNDERWIIS